[0541] DE *FRIESCHE HERDER:* IN PIËTISTYSKE SYKLUS FAN LIBJEN YN GENEDE

Yn de Bolserter útjefte fan Gysbert Japicx syn wurk nimt de psalmberiming trijefyfte part yn beslach. Ek yn de beide earste ôfdielingen steane noch gâns kristlike, sels mystike fersen, wylst de godstsjinst al sa'n wichtich plak hat yn de gearspraken, de proaza-oersettingen en it hollânske dichtwurk. Allinne al om de kwantiteit is Gysbert Japicx dêrom in kristlik dichter. Dêr wurdt oars ek net oan twivele, of it soe wêze moatte dat Kalma 1938 tefolle klam lein hat op it humanisme. De Gysbert-stúdzje fan de njoggentjinde ieu lykwols hie oars hast gjin each as foar de beide earste dielen fan de *Rymlerye* en amper doel oer it kristendom fan de dichter. Koopmans 1820, 345 syn Goedvriend foar Goadsfrjuen yn syn oersetting fan *Egge, Wyneringh in Goadsfrjuen* seit fan dat genôch.

Earst mei it ferskinen fan Kalma syn dissertaasje waard it kalvinistyske karakter fan Gysbert Japicx syn wurk mei klam fan wurden yn it ljocht steld, sa troch Haantjes 1938, Boarnstra 1939 en Folkertsma 1946. It fierste giet Folkertsma 1946, 54 dy't de dichter ta de Neiere Reformaasje rekkenet. Cuperus 1950 en ek Van Popta 1970 slute sûnder it mei safolle wurden te sizzen har by him oan. Dochs liket it der net op dat der ienheid fan opfetting is. Piebenga 1957 neamt de ûnderskate mieningen sûnder te besluten. Brouwer 1966, 44 siket it midden tusken Kalma en Folkertsma, Wadman 1966, 66 leaut net yn Folkertsma syn 'zwaarwichtige theorie', al giet it dan om de ferklearring fan de barokke foarm, en Feitsma 1972 lit har net oer it leauwe fan de dichter út.

It probleem fan it leauwe kin faaks it bêste oanpakt wurde troch stúdzje fan de *Friesche Herder,* dêr't it tredde diel, it *Hymmelsch Harpluwd,* mei begjint. Psalmen en formuliergebeden binne dêr oaninoar reaun troch teksten fan de dichter sels en de hiele samling neamt er 'in besletten wirck' (yn syn brief fan 17 jann. 1655 oan Gabbema, ed. Brouwer 322,22). Oan no ta hat nimmen lykwols sjen litte kinnen dat de *Friesche Herder* in ienheid is, al hoe dúdlik oft de dichter dat sels ek te ferstean jûn hat. Sa't it liket ûntgiet ús de sin fan it gehiel. Wol neamt Stapelkamp 1957 in opbou neffens de Heidelberger katechismus yn trijen, dêr't Buma 1966 en Dykstra 1977 him yn folgje, mar mear as in globale oantsjutting sûnder skyn fan útwurking is it net, likemin as Kalma 1938 sines dat it fan klacht nei lof giet. Haantjes hat him it yngeandst mei de kwestje dwaande holden. Yn syn dissertaasje fan 1929 hâldt er it der op dat de *Friesche Herder* net yn ien kear ûntstien is, in opfetting dy't Feitsma 1972 neier útwurket, wylst er dan ek op it ferbân wiist yn it lêste part fan de tekst fan psalm 130 ôf, dêr't Van Popta 1970 djipper op yngiet. Yn 1938 neamt Haantjes noch de gearhing fan psalm 10 oant psalm 16, dat Folkertsma 1946 ek docht. Ienheid yn it hiele fersekompleks sjocht er lykwols alder-

minst, en der is nimmen oars dy't dat docht bûten har dy't Stapelkamp folgje.

Foar in goed oardiel oer de mooglike gearhing yn de tekst is it nedich om earst in analyse te meitsjen. Ik nûmerje de ûnderdielen dy't ik ûnderskied.

1. Titel; 93,1.
2. Opdracht oan Fonteyne; 93, 2-27.
3. Undertitel fan it eksplisite herderspart; 94, 1-3.
3a. Hy-herderbeskriuwing; 94, 4-23.
3b. Psalm 137; 95-96, 25.
3c. Ik-gebed; 96, 1-97.
3d. Hy-herderbeskriuwing; 98, 49-52.
4. Goadsfrjuenbeskriuwing; 98, 1-10.
5. Kommentaar dichter; 98, 11-12.
6. Psalmen 10, 11, 12; 98-104, 35.
7. Kommentaar, útrinnend yn in rymspreuk; 104, 1-105, 10.
8. Ik-gebed mei ús-begjin om goed te sjongen, begjinnend mei deselde rymspreuk fan nr. 7; 105, 11-24.
9. Psalm 15; 105-106, 27.
10. Rymspreuk; 106, 1-4.
11. Kommentaar, beslutend mei ik dy't fierder sjongt; 107, 1-12.
12. Psalm 16; 107-109, 38.
13. Us-gebed mei ik-begjin; 109, 1-20.
14. Ik-oanspraak ta eigen sinnen om te sjongen; 109,1-110, 8.
15. Psalm 8; 110,1 - 111,31.
16. Rymspreuk; 111, 1-4.
17. Us-gebed; 112, 1-12.
18. Ik-oanspraak ta eigen siel oer sjongen; 112, 1-4.
19. Psalm 146; 112-114.
20. Us-oanspraak ta Gods Soan, oergeand yn ik-gebet om goed te sjongen; 115.
21. Psalm 130; 116-117, 42.
22. Ik-oanspraak ta God; 117, 1-4.
23. Us-gebed; 118.
24. Hy-Goadsfrjuenbeskriuwing; 119, 1-2.
25. Us-gebed as liet; 119.
26. Ik-oanspraak ta God oer sjongen; 120, 1-4.
27. Psalm 103; 120-123, 68.
28. Opdracht oan Gabbema; 123, 1-8.

Sjoch ik it goed, dan binne der trije oergongen. De earste leit tusken de nûmers 3 en 4 en beslacht winliken 3d en 4. Dêr kriget de herder in namme en allinne ûnder dy namme komt er neitiid noch ris foar. Nei 4 feroaret de doetiid yn notiid, en nei 3 it rymskema - bûten guon psalmen en rymspreuken - fan omearmjend yn pearjend. De ynhâld wurdt ek oars: foar sûndebesef komt oerjefte yn it plak. In twadde ferspringing leit tusken 13 en 14. Lykas by de foarige oergong is der hjir in rigel wyt. It nije begjin wurdt útdrukt yn de wurden: ‘Weeroon, weeroon..’. De nûmers 4 oant en mei 13 folgje oan inoar: earst neffens opslach trije psalmen, dan twa dy't sa ticht mooglik dêroanfolgjende de bedoeling

fan de dichter ferdúdlikje en dan noch in parafrase fan it fuort dêroan foarôfgeande. Nûmer 14 lykwols wiist foarút. Dêr begjint ek de earste oanspraak. De tredde oergong sit tusken de rigels 24 en 25 fan nûmer 20. It giet dêr om in omslach fan stimming, mar oars ek al net.

Sa besjoen falle der seis parten te ûnderskieden: de nûmers 2, 3, 4-13, 14-20, 20-27, 28, hjirnei oan te tsjutten as A oant en mei F. Dy yndieling is yn oerienstimming mei de befiningen fan Haantjes en oaren, sa't se hjirfoar oanhelle binne. E is by him gjin ôfdieling op himsels, mar oars neat as in restgroep. Foar my is it ek gjin eigentlike min of mear selsstannige ienheid, omdat it nei de ynhâld rekkene ien gehiel is mei 11 oant 13. D en E rinne yn inoar oer. In definitive yndieling, dy't rekken hâldt mei de ferhâlding oer en wer fan de dielen, is net sûnder in analyse fan de ynhâld te meitsjen, sa't hjir al bliken docht, mar earst wol ik noch in pear foarmlike oanwizings neame dat it hiele gedicht nettsjinsteande mooglike ûnderferdieling as ienheid op te fetsjen is.

Alderearst is dêr fansels de net mis te fersteane meidieling fan de dichter sels. Dan falt op dat der ien, gearbinende, titel is, dy't foarôfgiet oan de opdracht. Der is ek mar ien ferhaalfiguer. Wol komt dy foar ûnder trije ûngelikenze oantsjuttingen, mar út rigel 98,1 docht bliken dat de herderfiguer deselde is as Goadsfrjuen en út 117,4 en 119,1 kin besletten wurde ta de identifikaasje fan de lêste mei de ik-figuer. Ienheid sprekt ek út de trochgeande ôfwikseling fan psalmen mei gebeden, oanspraken, beskriuwingen en rymspreuken. Sa'n opbou is unyk foarsafier't wy witte, net allinne yn it wurk fan de dichter sels, mar ek yn oarstalige literatuer. Huygens syn *Uytlandige herder* kin him ta útgongspunt tsjinne hawwe - Feitsma 1972 makket dat oannimlik; Joast Halbertsma ferwiist ek nei Huygens syn gedicht yn in oantekening yn ien fan syn Gysbert-Japicx-eksemplaren (249 Hs., P.B.) - mar mear as ien psalm jout dy net, dat de eigentlike struktuer giet net op him werom. Der is alle kâns dat dy fan eigen fining is. Op himsels is in syklyske opbou net ûngewoan yn de Renaissance, en in oansluten by de tradysje kin men ek sjen yn de thematyske begelieding mei rymspreuken, mar de kar foar in rige fan psalmen, gebeden en oertinkings wiist yn oare wei. De herder libbet mei de psalmen en gebeden, hy giet der letterlik mei op bêd en komt der mei fan 't bêd. Der is in treffende oerienkomst tusken syn from bestean en it hâlden en dragen sa't de mystike Dirk Gerrits van Brakel 1756 dat yn syn *Tot den ... leeser* foar de tiid om 1650 hinne beskriuwt. Hy hie doe inkelde dagen yn Amsterdam west by in '... beminde suster en vriendinne in onsen Heere Jesu Christo... malkanderen de geestelijke gaven mededelende, door Christelijke t'samensprekinge, en Psalmen zingende... als oock des avonts en 's morgens, met die daar tegenwoordig waren, onze Christelijke gebeden doende'. Ek allinne foar jinsels koe men sa dwaan as men de mienskip mei God woe: 'want somtijts geeft de Heere

door het leesen (fan in haadstik)/als oock door het singen (fan in psalm)/ wel soete vermakingen in het herte/ besonder als men soo leest/ dat men 't geene men leest soeckt wat na te mediteeren/' (Brakel I 77). De ôfwikseling fan psalmen en gebeden, sa karakteristyk foar de *Friesche Herder,* neamt de mystike dichter Lodensteyn ek yn syn rie oan de 'Christen zangers': '... derhalven dient na yder Gezang yder der leden (fan kristlike byienkomsten) vryheid en tyd te hebben vrymoedig voort te brengen t geen de H. Godheyd in t zingen hem door den Geest geopenbaard of doen geworden heeft' (Voorreden).

By oandachtich lêzen fan de *Friesche Herder* falt alderearst op hoe faak oft de wurden *ljeave* (ek: *mijld* en *yn-goe* yn ferbining mei God), *swiet, bly* ek wol, en *hert* foarkomme. Sa'n taalgebrûk heart by (mystike) piëtisten as Cats, Lodensteyn en Luyken, en ek by de âlde Brakel yn syn *Het geestelijck leven* fan 1649, dy't allegearre ek God wol oansprekke mei *dy* lykas Gysbert Japicx ek, lang nei 1637, doe't it wurd yn de oersetting fan de Steatebibel ward waard. In klear bewiis fan de piëtistyske ynslach fan ús dichter is syn foarstelling fan God as mem (yn *Op S.A. Gabbema Hægelied Salomons,* ed. Brouwer 73, 15, en ek yn it *Bruyds-lied,* id. 371, 45), neffens Langen 309 'für die weiche Gottesauffassung des Piëtismus sehr bezeichnend und scheint, soweit wir sehen, seine Besonderheit zu sein'. Ek oan syn freonerûnte lêst men it piëtisme ôf (Breuker 1980), dat wy meie wol rekkenje dat de baan frij is foar in ynterpretaasje fan de *Friesche Herder* dy kant oer.

Undersyk fan piëtistysk taalgebrûk is der foar it frysk likemin as eins foar it nederlânsk fan de santjinde ieu (Buijnsters 12), mar it ynternasionale karakter fan it Piëtisme lit ferliking mei ingelsk en dútsk ta (in goed ynternasionaal oersjoch jout Stoeffler). Nêst de boppeneamde wurden en it brûken om 1650 hinne fan de dan yn ûnbrûk (sj. Winkler 130) rekke namme *Goadsfrjuen,* dat ik ek foar piëtistysk hâld, komme guon oaren foar dy't mei Langen en Van Beek yn deselde wrâld te plak te bringen binne:

93,10 *drieut, drift,* 109,9; Langen 27 (treiben).

93,20 *ijpen 'hert*; Langen 226 (offenherzig).

94,18 *wolcke,* 96,6; Langen 129 (Wolke): Meint vorübergehende religiöse Zweifel; Brakel II 245/6: dat daer een donckere Wolcke tusschen u Gheestelijck ghesicht ende den Heere Jesum Christum is.

94,21 *teag om heag* (en oaren) 96,15; 97,21; 107,11; 109,2; Langen 45 (ziehen reissen, führen): Eine der piëtistischen Kernvorstellungen ist die, dass Gott die in Welt und Sünde versunkene Seele zu sich "zieht". Sie hängt eng zusammen mit der Grundhaltung der Passivität: die Seele, die aus sich heraus nichts als Böses "wirken" kann, die sich der "Eigenheit" entäussern muss, überlässt sich tatlos dem "Zug" der Gnade. Ferlykje 96,16: Hijmmel-lijn. Withoefolle by Brakel.

94,23 *herts gruwne,* 109,15, 116,14, 120,4; Langen 167 (Herzensgrund).
98,8 *salm-* (-tins, -hert); ek negatyf yn 115, 26 (-diede); posityf yn 97, 23 (-schient'), 119,5 (glanz), 121, 26 -mijldheits-steez--oon-fruchtb're-Beam'); Van Beek 7 e.f., 68 e.f., 117 e.f. (self).
105,18 *fruchtber;* Van Beek 100 jout in sitaat fan Jer. Dyke (oerset troch Tegnejus, útjûn te Ljouwert yn 1632): 'He is rooted in Christ, and therefore fruited by Christ'.
107,12 *riert;* Langen 37 (rühren): Einer der aus Piëtismus und Empfindsamkeit bekanntesten Ausdrücke. Biblischer Ausgangspunkt könnte sein Hiob 19,21: "Die Hand Gottes hat mich gerühret". Ek by Brakel I 48: Maer ghij die u herte vindet gheroert... De Neiere Reformaasje, de rjochting fan de gereformearde piëtisten, siket de wissichheid net yn de Geast, mar yn de 'weg van de z.g. syllogismus mysticus, d.w.z. dat men de slotsom poogt te trekken, dat men toch wel een echte christen is, omdat men weet van mystiek-innerlijke roerselen en ontroeringen die een wereldling immers niet kent' (Van der Linde 1976,167).
109,5 *beroppen* Langen 31 (Beruf, berufen).
110,5 *nin gruwne,* ek *gruwn'-djiep* (111,17), *on-gruwne* (112,14;119,10; 120,14), *gruwn'leas* (116,3); Langen 341 (grundlos, Ungrund; jout ek sitaat mei Ungrundsee) .
112,2 [see]; Langen 341 (Meer): Alte Metapher für die Unendlichkeit Gottes. Brakel II 2 hellet Ezechiël 47 oan.
112,8 *ontweytsje;* Langen 32 (erwecken): Bekanntlich einer der gebräuchlichsten und verbreitesten pietistischen Termini, wohl nach Biblischen Vorbild.
112,9 *gruwnigh;* Langen 169 (gründlich).
115,18 *wjueck;* Langen 315 (Flügel Gottes).
123,1 *gaestig;* Langen 351 (geistig).

Faaks komt der by neier ûndersyk noch wol mear oan it ljocht, al moat rekkene wurde dat "de tale Kanaäns" yn Gysbert Japicx syn tiid noch net fêstlei. Langen en Van Beek jouwe navenant mar in bytsje boarnen út de santjinde ieu en namstemear út de achttjinde. Dochs litte de foarbylden wol sjen hoe spesifyk piëtistysk oft Gysbert Japicx syn dochs al kristlik wurdgebrûk is. Mei wurdfoarming en sinbou sil it wol net oars wêze, is 't net yn de Friesche Herder, dan wol yn oare psalmen en fersen.

De eigentlike ynhâld sitte ek gâns piëtistyske trekken yn, dy't ik no folgje lit neffens har plak yn de syklus. Faaks ûntkomt my wolris ien. It earste dêr't wy dan foar komme te stean is de reden dat psalm 137 mei anneksen (B dus) foarop stiet. Brakel II 44 soe wolris de ferklearring jaan kinne, as er ûnder de kop 'Van het eerste, uyt wat oorsaken de ware blyschap ontstaet in den ghelovighen'

skriuwt: 'De oorsaecken waer uyt de waere blijtschap in Gods kinderen ontstaet/ is voor eerst veeltijdts in haer/ als sy droevigh gheweest zijn over haere sonden ende swackheden/ dat sy Godt niet beter konen dienen ende soo dickmael vertoornen/ waer over sy dan dickmael gantsch bedroeft ende verslaghen zijn/ Jae/ wel met schreyen beklaeghen ende belyden voor Godt/ ende als sy haer dan also met een Goddelijcke droefheydt voor Godt verootmoedighen haere sonden bekennen/ ende Godt bidden dat hyse om het lyden ende sterven Jesu Christi wil vergheven/ende soecken also haer troost in de versoeninge des Salichmakers/ soo comt dan de Heere dickmael/ ende neemt de sonden die haer soo swaer voor ooghen staen/ ende daer haer herte om bedroeft is/ wech door een ghenadighe quijtscheldinghe ende verghevinge/ ende stelt haer herten gherust/ doet haer hooren vreughde ende blijdtschap dat de beenderen sich verheughen die verbrijselt waeren/ als een bedroefde ziele dat dan ghevoeldt/ soo verdwijnt zijn voorgaende droefheydt ende zijn klaghen wordt verandert in een reye/ ende wort met blijdtschap omgordet/ om dat Godt hem de sonden heeft vergheven ende hem vriendelijck is geworden/ dat is hem een blyschap ende vreugde die alle blyschap des Werelts te boven gaet/ omdat by met Godt versoent is door Jesum Christum/ siet dat is/ de rechte blijtschap die niemandt eyghen is dan Gods kinderen ende de ware ghelovighen'. Justjes fierder seit er dat de blidens fan ien dy't gjin wiere leauwige is hjiroan as ûnecht te kennen is dat syn 'blijdtschap is sonder voorgaende vernederinghe kennisse en berou of verslaegentheydt over de sonden' (II 48; sjoch ek I 97). De fersleinens is Gods wil, 'ghelijck hy den kinderen Israels in Babylonien dede/... alsoo gaet het dan oock als noch dickmael een kindt Godes dat zijn vrolijckheyt in suchten/ ende zijn blijdtschap in weenen verandert/ ende zijn gevoelen dat hij plaght te hebben/ in zijn ghebeden ende meditatien/ende in 't hooren van zijn woort/ ende Godts dienst/ dickmael verandert in onghevoelijckheydt' (II 114,115).

De 'njue onbuwne in mey Christo to wezzen' mei ferwizing nei Phil. 1:23 (94,2) hat Brakel I 222 ek: de dea sil in ferlossing út it lichem des deads wêze (Rom. 7:24) 'daer in ghy doch Godt niet condt dienen/ als ghy geeren wildet/ overmits de verdurventheyt die daer in woont/ so lang ghy op aerden zijt/ dat u een geduyrighe droefheydt ende een gestadich Cruys is/ boven alle cruys op aerden/ waer toe soudt ghy dan wenschen te leven? zijt ghy noch niet moede gestreden tegen die inwoonende sonde/de Duyvel/ de werelt/ och hebt met Paulo begeerte om ontbonden te worden/..'. Yn in lettere printinge jout er ek noch in oare reden op: 'Myn beminde in Christo Jesu/ 't gebeurt ook wel een lief kind Gods/ die yverig nacht en dag den Heere zoekt/ en zijn gemeinschap begeert te genieten/ dat hy boven de wereld opgetrokken word in liefde in zyn God/ alzo dat hy niet is dan liefde/ ende boven de wereld verheven/ en leeft in zyn God in zyn liefde/ alzo dat het

hem dunkt/ hy kan in de Wereld niet langer zyn/ maer begeert in die liefde ontbonden te wezen/' (Brakel 1861,156; ferlykje lykwols ek al Brakel 1649 II 66). It is mooglik dat ek yn de *Friesche Herder* beide dingen meispylje. Dat jout ferdjipping oan de tekst. Ek de âlderdom fan de herder kin dûbele betsjutting hawwe. Yn 93,21 hjit er 'mijn Ade', yn 94,4 stiet 'to sijn jieren'. Grif moat dêr yn lêzen wurde dat de herder âld fan jierren is (en earder hjitte men earder âld!), mar it kin dochs ek wêze dat de dichter ferwiist nei de trimen yn 'e genedesteat. De foarstelling fan trije stadia is lykas bekend karakteristyk foar Brakel, of leaver de útwurking dêrfan yn in systeem fan trimen (sjoch Brienen 196), mar de opfetting, dy't weromgiet op Joh. I 2:13, komt ek foar by Gellius Boetius 1664,155 en by Franciscus Elgersma 1670[2] (177) dat alteast yn Fryslân moat dy frij algemien west hawwe. Fuortsettingen fan de mystike bedoeling soene dan ek wêze kinne de hichte dêr't de herder op is (94,6; te tinken is ek oan ynfloed fan Rémy syn Endimion, dy't op in berch ôfbylde is: sjoch it facsimile by Kramer foaryn) en de weach fan sinneljocht yn 94,7, al past de gongbere oersetting fan 'sinne-weag' faaks better. It byld fan de 'onæfearte heyde' (98,2) is dúdlik yn syn betsjutting fan 'los fan de wrâld, frij fan sûnden'. It giet wol werom op Ezech. 34:14, troch Brakel II 198 ek oanhelle. Dêr kin de herder bekomme fan de oerlêst dy't de duvel him yn syn libben oandocht (98,6; ik kies foar de lêzing-1681; grammatikaal doocht de oare, mei syn ferbûgde foarm fan 'soer', ek net). It sjongen of lêzen út de bibel by opslach is algemien bekend as teken fan fromme oerjefte (98,7). De tsjinstelling tusken hert en mûle (105,23) ûnderskiedt de skynhilligen fan de frommen (Elgersma 69; it byld giet werom op Jes. 29:33). It passive ûndergean is al sa karakteristyk foar piëtisten, sa't wy hjirfoar al seagen (112, 1-4). Mei Folkertsma 1946,25 kinne de beide lêste rigels op twa manieren lêzen wurde, mar ik tink hast dat 'Goads mijld bestjoer' ûnderwerp is. Folkertsma 1946,54 hat der ek op wiisd dat Gysbert Japicx breder hannelet 'oer it wurk fan 'e Geast yn ús as oer it wurk fan Jezus Christus foar ús'. Dat komt ek út yn de *Friesche Herder,* al wurdt dan psalm 146 kristologysk ynterpretearre. Brakel 1649 II 202 skriuwt dat der 'gheen beter medecijne [is] om het herte te vermoruwen/ ende om nauwer met God gemeynschap te krijghen/ dan het lyden ende sterven Jesu Christi daeghelijcks te overdencken', mar yn syn lettere printing riedt er dat foaral oan foar har dy't op 'e leechste trimen fan genede stean (Brakel 1861, 152, 153). De oergong fan r. 115,25 tsjinnet by Brakel 1649 as it middel by útstek om noch opteiner te reitsjen: 'O wat is dat een groote liefde ende weldadichheyt/ 't welck geen verstanden conen begrijpen/ ende over het welcke alle tonghen moeten stom staen/ om te begrijpen of uyt te spreecken/ siet/ also sult gy uwe elendichheyt gantsch in den gront in sien/ ende daer teghen over Godts ondoorgrondelijcke liefde ende ghenade aenmercken/ op dat

u Ziele te meer als verslonden ende hoogher opghevoert mach worden/ in het verwonderen der selver ende te hooger in de Goddelijcke liefde wederom mach branden' (Brakel 1649 II 14; ek I 194; II 10, 21). It ferrin fan de stimming yn E slút goed oan by dizze wurden fan Brakel: nei de deemoediging yn nûmer 20 fan rigel 25 ôf en yn psalm 103 einiget de *Friesche Herder* yn de jubeljende tankberheid fan it *Moarn-liet* en psalm 103. It besef fan eigen sûndigens en neatigens ûntstiet it bêste troch nei Job te sjen, seit Brakel hieltyd wer (I 134; II 21, 82, 95, 99, 158, 166, 204, 210) en dat docht Goadsfrjuen ek: dy wol as Job yn de jiske lizze (ed. Brouwer 115,29). Der is dêrom alle reden om it symbolum fan Gysbert Japicx yndied yn ferbân te bringen mei Job, dy't neffens de Deux-aesbibel 'recht ende slecht' wie. It besluten fan de dei mei it sjongen fan in psalm en in bea (21 en 23) en it moarns betiid fan 't bed ôf gean (24) is yn oerienstimming mei it libben fan de piëtisten (sj. bgl. Exalto 58). It giet my fanwegen it lêst der't it de oarsaak fan wêze soe fierdernôch om it 'sill'g boasck' (123,4) geastlik op te fetsjen.

Der is noch wat yn de opdracht oan Gabbema dat omtinken freget. Soe de klam dy't der dochs ûnmiskenber op it frysktalige fan de syklus lein wurdt yn r. 123,2 ferstien wurde moatte as wjerlûd fan Iepenbieringen 7:9, dêr't Johannes in grutte mannichte foar Gods troan stean sjocht 'uyt alle natien ende gheslachten ende volcken ende talen'? Brakel 1649 II 37 hellet dy wurden en mear ek oan, oer de wite klean en Gods Laam, en seit dan mei de wurden fan Jes. 6:3 (sûnder it tekstplak te neamen) hoe't wy mei de hilligen en de ingels God loovje en priizgje moatte ûnder it roppen fan: 'Heylich, Heylich, Heylich, is de Heere der Heyr-scharen', 'wanneer wy in dese gheestelijcke aenschouwinghe ontsteken/ ende met het vyer van dese Goddelijcke liefde vervult zijn'. Gysbert Japicx het deselde ferbining (97, 29-32), al sil bij syn trijeris 'heylig' wol earder tocht wurde moatte oan deselde Iepenbieringen (yn dit gefal 4:8), dêr't ek de rigels 21-30 op weromgeane. Neier lektuer fan auteurs fan de Neiere Reformaasje is nedich om de graad fan besibbens tusken dy beiden fêst te stellen, mar mei net ien fan de fryske tiidgenoaten dy't ik oant no ta lêzen haw is de oerienkomst sa grut. It tichtste komt Brunsvelt der noch by, de freon fan de dichter. Ut oare boarne is ús bekend hoe nei oft Brakel en Brunsvelt inoar stien hawwe moatte. Doe't ommers de tsjerkerie fan Snits yn 1675 aksje makke om it preekjen oan hûs yn har stêd troch de Harnzer dûmny Brunsvelt, skreau dy dat Brunsvelt dêrmei 'gestevigt heeft die menschen, die van separate conventiculen houden; en die in de visitatie ons stoutelijk hebben derven toedouwen, dat sij't hielden met Brunsvelt en Brakel (als of die alleen regt godsalige en ijverige Predikanten waren)' (Handelingen tsjerkerie Snits, argyfnr. 3, G.A. Snits; freonlike bemiddeling fan S. ten Hoeve). De Brakel dy't hjir bedoeld wurdt, is de soan, dy't doe te Ljouwert stie,

mar wy sille wol oannimme meie dat de heit, yn 1670 stoarn, in like útsûnderlik plak ûnder syn kollega's hân hat.

Keare wy no wer nei de fraach fan de ynlieding werom, dan soe ik begjinne wolle mei in gearfetting fan de ynhâld sa't dy him nei it foargeande ôftekenet. In from kristen siket feriening mei God en beliidt dêrta syn sûndigens. Hy docht syn uterste bêst om hillich te libjen (98,51), dat ek slagget (98, 1 e.f.). Hy jout him oer oan God, priuwt Syn swietens (107,10), en wol al djipper yn Syn leafde ûndergean (109,1). Ek dat bart (112,1-4), mar dan wurdt er yn alle hearlikheid syn eigen sûndigens wer yndachtich (115,25), en al bliuwt er optein tankber, hy keart werom ta himsels yn syn ierdsk bestean.

Ik leau dêrneffens net dat by alle - karakteristike - wikseljende stimmingen de *Friesche Herder* sa't er fan B oant E foar ús leit, oars is as ien ûndielber gehiel. Dêrom kin fansels parten wol ree west hawwe ear't de dichter se brûkte foar dizze konsepsje. Sa binne de eigen trekken fan B wol sa sterk, dat in earder los ûntstean net ûnwierskynlik is. De âlde *oo*-stavering yn de psalms 8 en 103 bygelyks soe ek in oanwizing wêze kinne dat dy foartiid al makke wiene. Dêrmei soe ek de tsjinstridichheid dêr't Feitsma 1974, 515 har foar steld seach, út 'e wei wêze, want ik sjoch gjin reden om, lykas har wierskynlik taliket, B en wat folget allegearre op 1654 te datearjen. Al soe men út 123,4-7 en foaral út de troch my skeanprinte wurden yn de neikommende passaazje fan de brief fan 17 jann. 1655 oan Gabbema hast tinke dat de tekst sa't dy ús oerlevere is net lang foartiid gearstald (dat wat oars as makke is) wie: 'ick sil oerboadigh stean, om uwt myn Psalmen, dy'k *jiette* hab (buwte dy 'k jon E. *nu*, az in besletten wirck, oerstjoerd hat) uwt to schiftjen' (ed. Brouwer 322,21-23). Alder soene ek (guon fan) de rymspreuken wêze kinne. Fan dy tusken 7 en 8 binne by Gabbema en Junius farianten (by inoar te finen by Krogmann 94,95), dy't neffens Feitsma 1974, 512 in âldere stavering hawwe.

Ta beslút bliuwt noch oer de ferhâlding fan A en F ta it oare nei te gean. Wat F oangiet moatte wy der ús earst rekkenskip fan jaan dat Gysbert Japicx yn syn opdracht oan Gabbema likegoed as op it iennichste oare plak dêr't er de tekst neamt, net praat fan *Friesche Herder* mar fan *Goadsfrjuen* (brief fan 17 jann. 1655, ed. Brouwer 321-322). Licht mei men dêryn in foech oanwizing sjen dat de definitive tekst út de Goadsfrjuenfiguer wei tocht is, ta it oerstjoeren fan in part fan it gehiel kin men dêrút net beslute. B moat der wol by heard hawwe, want C - dat der sûnder mis by wie - ûnderstelt bekend dat Goadsfrjuen in herder is (98,1). En A dan, de opdracht oan Fonteyne, soe er dy ek krigen hawwe? Unmooglik is it net, want wêrom soe it net de bedoeling fan de dichter sels west hawwe om, tusken de beide geastlik besibbe freonen yn, de tekst te meitsjen ta in teken fan 't Mient'schip dat de Wrâd/ Sljuechts for 't paed ney huwz to hâdt'? (109,7-8). A dêrfoaroer kin op syn heechst op B oant en mei E slaan.

Dat docht it ek, mar faaks hat it tenearsten by it lytsere part B heard. Dêr pleitet tsjin it plak fan de opdracht, dat oars wol nei 3 ferwachte wurde mocht, dêrfòàr it ûntbrekken fan de namme Goadsfrjuen, dat namste sterker sprekt omt de herder al Ade neamd wurdt. Dy âldens fernimt men nei B oars neat mear fan.

Hoe't no krekt de ferhâlding foartiid west hat, moatte wy wêze litte, mar it hat der dochs wol wat fan dat de beide opdrachten mei har herder oan de iene en har Goadsfrjuen oan de oare kant net alhiel op inoar ôfstimd binne. Faaks hie dat oars west as de dichter de holle net sa hingje litten hie (123,6). It koe ek wolris wêze dat him de ferskillen tusken B en it oare net noaske hawwe. Faaks soe er oars ek mear wurk makke hawwe fan de koarte tuskenstikken nei psalm 130, haw ik efkes tocht, mar ik leau dat it better is en fetsje ek de nûmers 23 en 25 as tuskenstikken op. De psalmen binne de fêste, himelske punten, it oare jout in byld fan de wikseljende stimmingen en situaasjes op 'e libbenswei dêrtuskenyn fan in from kristen.

Boazum *Ph. H. Breuker*

Literatuer

Beek, M. van An enquiry into puritan vocabulary, Groningen 1969.

Boarnstra, Y.R. Waeksen ark, Boalsert 1945.

Boëtius, G. De prophetische duyve met een olijftaxken... I, II Leeuwarden 1660, 1664.

Brakel, D.G. van Het geestelijck leven// ende de stant eenes gelovigen mensches hier op aerden ..., Leeuwarden 1649.

Brakel, Th. à Eenige christelijcke meditatien, gebeden en danckseggingen. Om 's nachts//'s morgens//'s middags en 's avonds te gebruycken//mitsgaders bij andere gelegentheden.... Amsterdam 1756.

Brakel, Th.G. à Het geestelijk leven en de stand eens gelovigen mensche hier op aarde..., Sneek 1861.

Breuker, Ph.H. Petrus Geestdorp, freon fan Gysbert Japicx, en syn geastlik fermidden, yn: Coulonnade, Ljouwert 1980, 43-53.
Brienen, T. De prediking van de Nadere Reformatie, Amsterdam 1974.
Brouwer, J.H. It wurk fan Gysbert Japix, yn: Hulde oan Gysbert Japicx (Ljouwert 1966) 55-59.
Brunsvelt, S. De leevendige Christen in de doode wereldt... Leeuwarden 1665.
Buma, W.J. De frommens fan Gysbert Japicx, yn: Hulde oan Gysbert Japicx (Ljouwert 1966) 50-53.
Buijnsters, P.J. Bloemlezing uit de bundel: Uyt-spanningen van Jodocus van Lodenstein, Zutphen s.j.
Cuperus, S.M. It leauwe yn Gysbert Japiks' tiid, It Beaken XII (1950) 5-14.
Dykstra, K. Lyts hânboek fan de fryske literatuer, Ljouwert 1977.
Elgersma, F. De herder Israels: Dat is//een verklaringe over de vier eerste verssen van den XXIII.psalm Davids ...[2], Leeuw. 1670.
Exalto, K. Beleefd geloof, Amsterdam 1974.
Feitsma, A. Gysbert Japiks syn "Friesche Herder" as pendant fan Constantijn Huygens syn "Uytlandige Herder", yn: Meidielingen I, Stúdzjerjochting Frysk oan de Frije Universiteit yn Amsterdam, Amsterdam 1972, 115-124.
Feitsma, A. De autografemen in het werk van Gysbert Japicx, Ljouwert/Leeuwarden 1974.
Folkertsma, E.B. De Christen Gysbert Japiks, Snits 1946.
Haantjes, J. Gysbert Japicx, Fries dichter in de zeventiende eeuw, Amsterdam 1929.
Haantjes, J. 52 psalmen, Frysk Jierboek 1938, 56-70.
Kalma, D. Gysbert Japiks. In stúdzje yn dichterskip, Dokkum 1938.
Koopmans, R. Redevoeringen en verhandelingen II, Amsterdam 1820.
Kramer, C. Gysbert Japicx as oersetter en biwirker, Assen 1943.
Krogmann, W. Gysbert Japiks. Parallelversionen, Estrikken XLI, Grins 1966.
Langen, A. Der Wortschatz des deutschen Pietismus[2], Tübingen 1968.
Linde, S. van der Opgang en voortgang der reformatie. Een keuze uit lezingen en artikelen, Amsterdam 1976.
Lodensteyn, J. van Uytspanningen[11], Amsterdam z.j.
Piebenga, J. Koarte skiednis fan de fryske skriftekennisse, Drachten 1957.
Popta, T.E. van De twa gesangen yn de Friesche Herder, yn: Flecht op 'e koai. Stúdzjes oanbean oan prof. dr. W.J. Buma.... Grins 1970, 153-162.

Stapelkamp, Chr. Aantekeningen op Gysbert Japicx' "Friesche Herder", Estrikken XXIV, Grins 1957.
Stoeffler, F.E. The rise of evangelical pietism[2], Leiden 1971.
Wadman, A. Gysbert Japicx, schepper in een luchtledig, yn: Hulde oan Gysbert Japicx (Ljouwert 1966) 63-67.
Winkler, J. Friesche Naamlijst (Leeuwarden 1898).